


Boeketip 5



**Rock 'n Roll
in Friesland –
1960-1999**

Redaksje: Robert Wielinga
Louise
€ 45,-

1

Dit boek befettet libbensferhalen fan 42 Fryske rockers, dy't in tiidsbyld jouwe fan de jierren sechstich oant en mei njoggentich. In byld fan in feroarjende rockkultuer, fan wylde pioniers, gitaarbands, metal, Friese Bries oant hiphop. Mar tagelyk ek yntrigearjende en kwetsbere ferhalen oer de rockers sels.



**Stip yn 'e
trein**

Eric Hill
Afûk
€ 14,99

2

Tsjoeke, tsjoeke, tsjoeke! Alle gear yn stappe! Dan geane we op reis mei Stip en syn beppe. Druk op de knop, dan hearst de trein! In nij Stip-kartonboek mei it lûd fan in echte stoomtrein!




**De Museum-
moard**

Ferdinand de Jong
Bornmeer
€ 19,90

3

De iepening fan de tentoanstelling wurdt wreed fersteurd as der in lyk yn in bêd fan roazebleedsjes yn de Prinsewyk ûnder it Hearrenfeanster museum driuwt. Resjersjeur Annet Hillema en har partner Marcel Pronk begjinne in ûndersyk. Neat is wat it liket, sa docht bliken.



Fûgels yn ús

Catharina Lautenbach
Bornmeer
€ 14,90

4

De ferhalen yn dizze bondel binne licht absurdistysk fan toan en koart en krêftich. Mei emoasje en gefoel foar taal nimt Catharina Lautenbach de lêzer mei yn humoristyske sitewaasjes, famyljekonflikten en geheimen.



**It grutte
famyljeboek**

Felicity Brooks
Afûk
€ 13,95

5

Hoe sjogge famyljes derút? Wêr hast famylje foar en wat dogge se? Dat binne in pear fan in hiel soad fragen dy't beäntwurde wurde yn dit prachtige boek fol famyljes yn soarten en maten. Oersetting: Gerda van der Wijk

Foar dizze en oare boeken, sjoch op websjop.afuk.frl



In kursus Frysk? Jawis!

Bent u in Fryslân komen wonen en wilt u de taal leren verstaan? Of wilt u bijvoorbeeld voor uw werk Fries kunnen spreken? Is ferstean en praten gjin probleem, mar wolle jo (better) Frysk skriuwen leare? Dan binne jo by de Afûk oan it goede adres: wy fersoargje foar elkenien dy't it Frysk ferstean, lêze, prate of skriuwe wol, kursussen Frysk. Dat dogge wy op ferskate plakken troch hiel Fryslân, dus altyd by jo yn 'e buert. By groepskursussen op lokaasje nimme wy fansels de jildende koroanamaatregels yn acht. Past sa'n groepskursus op lokaasje jo net? Dan kinne jo ek kieze foar in online kursus of selsstúdzje.

Online in kursus folgje

In lesjouwer fan de Afûk fersoarget ien kear yn 'e wike op in fêste tiid de les dy't jo live folgje. Jo kinne de lessen oeral wei

folgje op jo kompjûter, tablet of telefoan. De online kursussen binne in moaie opsje wannear't jo net reizgje kinne (of wolle), of wannear't jo fierder fuort wenje.

Selsstúdzje

Kieze jo foar selsstúdzje, dan begjinne jo mei de kursus op in momint dat it jo past. Jo wurkje mei ús online learplatform eduFrysk, dêr't jo 24/7 op terjochte kinne foar nijsgjirrige oefeningen, sprutsen teksten en filmkes. In kursusboek mei hantlieding is opsjoneel. Jo wurkje alhiel selsstannich, sûnder begelieding fan in dosint.

Mear witte of oanmelde?

Sjoch dan op ús webside kursus.afuk.frl of nim kontakt op mei de kursusorganisaasje fia kursus@afuk.frl of belje 058-2343079.

Fergees Tomke-boekje yn de byb!



It duorret noch sa'n trije wike, mar de 'Nationale Voorleesdagen' komme der wer oan! Fan 26 jannewaris o/m 5 febrewaris is der oeral yn Nederlân ekstra omtinken foar it foarlêzen oan jonge bern. Ek yn Fryslân, want foarlêze is foar bern dy't mei twa of mear talen opgroeie ien fan de meast effektive (en leukste) aktiviteiten om te dwaan. Dêrom krije alle bern fan 0 o/m 6 jier fergees it nije Tomke-boekje 'Wêr is Romke?' mei, as sy by de biblioteek komme yn de perioade fan de Nationale Voorleesdagen.

Dêrneist is op www.heitenmem.nl in lesbrief beskikber om it printeboek fan it jier 2022 hinne: 'Maar eerst ving ik een monster' fan Tjibbe Veldkamp & Kees de Boer. Yn de lesbrief fynst in Fryske oersetting fan it boek én aardige suggestjes foar aktiviteiten om it printeboek hinne. Lekker foarlêze!

It grutte famyljeboek



In famylje kin hiel GRUT wêze ...

Jenny van der Meer út Kornhorn hat mei har bern 'It grutte famyljeboek' besjoen. Jenny: 'It boek kin bern helpe om dúdlik te krijen hoe't de famylje ynelkoar sit en wat by de eigen famylje heart. Dat makket dan ek dat "It grutte famyljeboek" net in boek is datsto efkes fluch foarlêze kinst, mar echt in boek is dêr'tsto mei-inoar oer praatst. Bern ferlykje harren eigen situaasje mei de foarbylden yn it boek en dat soarget foar aardige petearen. It wie foar ús bern bêst nijsgjirrich en sjoch dat it by oare gesinnen hiel oars wêze kin, en dat ús gewoanten en gebrûken net oeral jilde.

BLINDER OF BLUNDER Test dyn Frysk

1. Wat is de goede skriuwzize:

De houtsjes ...

- onderbine
 ûnderbyne
 ûnderbine

2. Wat is it Fryske wurd foar 'schaatsen'?

- redens
 skaatsen
 riders

3. Wat is de betsjutting fan 'It friest hynste-iis'?

- It friest in bytsje.
 It friest nachts, oerdei is it boppe nul.
 It friest tige fûl.

4. Geef of net geef: 'Wy geane moarn in eintsje reedriden.'

- geef
 net geef

Antwurdten - 1: ûnderbyne 2: redens 3: It friest tige fûl. 4: net geef

Oant sjen yn ús winkel!

Salang de koroana-maatregels fan tapassing binne, kinst online bestelle en de bestelling ophelje of opstjoere litte.

ADRES

Bûterhoeke 3
Ljouwert

(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl

www.afuk.frl

IEPENINGSTIDEN

Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

